

DOARPSNIJS

Nûmer 487

septimber 2024

KOLOFON

“Doarpsnijs” is in útjefte fan de Feriening foar Doarpsbelang Nijemardum en ferskynt op elke lêste tongersdei fan de moanne.

It earste krantsje kaam út yn april 1982.

De redaksje:

Wiepkje Holtrop	Lyklamawei 49	571310
Hedwig Beukens	Hege Bouwen 2a	572278
Annie de Kleine	Lyklamawei 34	571364
Jantsje Akkerman	Lyklamawei 27	571889
Coby Hospes	Lyklamawei 23	06 41696781
Rianne Witteveen	Wytlandsdykje 10	yllustrator
Sjoukje Kramer	Wissebuurt 12	yn elkoarsetter

E-mailadres: redaksje.doarpsnijs@gmail.com

Website: www.nijemardum.nl



It bestjoer fan Doarpsbelang:

Paul Rienstra (voorz)	Lyklamawei 39	571652
Jellie Zijlstra (secr)	Lyklamawei 4	0654612587
Dorpsbelangnijemirdum@gmail.com		
Tom Wezepoel	Lyklamawei 55	0620275676
(penningmeester, bankrek. NL30RABO0305244159)		
Jelle Siemonsma	Nij-Amerika 16	
Thys Laffra	Omrin 4	571551
Tiny Wildschut	Lyklamawei 16	571619
Mieke Koot	Lyklamawei 36	0654238830

E-mailadres buertplysje: patrick.bottinga@politie.nl of www.politie.nl

Wykbehearder gemeente: r.zijlstra@defryskemarren.nl, [0620548535](tel:0620548535) of www.defryskemarren.nl/melding

TIDEN HA TIDEN

Hikke en tein yn Nijemardum en no ha ik it beslút naam om te ferhúzjen.

Op 6 jier nei ha ik altyd yn Nijemardum wenne. Earst mei myn âlders, broers en sussen, letter sa' n 30 jier mei Hendrik en ús bern.

Mar der barre yn it libben dingen dêr' t jo gjin ynfloed op ha. It libben oerkomt dy en dêr hast mar mei te 'dealen'.

It heljen fan in sekje kipefoer by Runia, sa' n 5 jier ferlyn, hat der foar soarge dat ik wer foarút doarde te sjen. Men kin noait in ein foarút sjen mar wy ha no wol plannen makke foar in takomst tegearre. En dus gean ik nei de Jouwer, dêr' t Johannes in húske op de Hurddraversdyk kocht hat.

Us Marten en syn Anna komme no op de Lyklamawei 23 te wenjen.

Ferhúzjen betsjut ek ôfskied nimmen. Fan it redaksjewurk, bygelyks. Mei in soad nocht ha ik dit 11 jier dwaan mochten. Ik bliuw op de hichte fan it nijs troch it lêzen fan dit krantsje en troch de famylje, fansels. Yn myn hert bliuw ik in Nijemardumer want hoe sizze se dat ek alwer? " Kinst it famke wol út Nijemardum helje mar hellest Nijemardum net út it famke".

Us nije adres: Hurddraversdyk 95, 8501 CL op 'e Jouwer.

Wolkom!

Coby

Als je voor de liefde uit Nijemirdum vertrekt, dan moet het wel echte liefde zijn.

Coby, bedankt voor 11 jaar redactiewerk voor onze dorpskrant. Heel veel geluk in Joure.



Bestuur dorpsbelang Nijemirdum

FAN DE REDAKSJE

Jimme ha al lêzen dat “ ús” Coby hjirwei giet en ôfreizget nei De Jouwer. Dat betsjut wol dat wy as redaksje ôfskied fan har nimme moatte. Soks muoit ús fansels wol, want wy foarmen mei ús fiven jierrenlang in hechte ploech. Coby har ynbring hat tige wichtich west. De wurden rûgelje har net út ‘e mûle, mar komme wol út ‘e pinne. Wat hat sy prachtige ynterviews skrean, mar ek ferslaggen oer har reizen, de breidclub, it jierlikse volleybaltoernoai en it bakken fan tûzenen oaljekoeken foar in goed doel troch de Pietersmabern. Alles yn ús memmetaal fansels!

Doe’t der gitswarte wolken oan de himel kamen yn it libben fan Coby en har leafsten, wie it hast net mooglik om nei de takomst te sjen. Wat in gelok dat in geunstige wyn wer sicht jaan koe op in nije takomst. Wy hoopje fan herte dat de minsken op ‘e Hurddraversdyk krekt sa genietsje sille fan dyn kreative geast Coby. Alle goeds tawinske!

Hedwig, Jantsje, Wiepkje en Annie

BESTE MINSKEN

‘Jim sjogge mij yn de auto, jim sjogge mij fytsen en jim sille wol tinke.....’

Boppe ferwachting, ek foar ús, giet dat allegear noch en wij ha geniete fan dizze simmer.

‘It’ is der wol, dat is dúdlik mar oars as tocht en we probearje sa gewoan mooglik troch te gean.

Wij wolle eltsenien bedanke foar de grutte belangstelling en oandacht dy’t wij hân ha fanôf oktober foarich jier. Wij wiene der oandien fan.

Groetnis Frâns en Tiete

TORENKLOK

Steeds meer inwoners geven aan dat ze de klok missen.

Nu dan, er is hoop.

De instantie die er over gaat hoopt nu echt dat over een ongeveer maand de zaak rond is en dat de klok weer op de gezette tijden gaat luiden.

Nog even geduld dus

OPEN MONUMENTENDAG

Op zaterdag 14 september jl. was er weer de open monumentendag.

Het is iedere keer weer een verrassing wie of wat er deze keer weer voorbij gaat komen.

Het begon alweer vroeg. Om 09.30 uur stopt een fietser die vanuit Stavoren is komen fietsen en vandaag nog naar Zwolle wil doorfietsen.

Het is een Spanjaard uit Valencia die gelukkig goed Engels spreekt.

Hij heeft in het voorjaar door zuidelijk Nederland gefietst en wil nu het noorden verkennen.

Hij roemt ons land vooral als fietsland. Zo mooi vlak en overal van die mooie fietspaden.

Hij vindt de toren een indrukwekkend monument, maar tijd om naar boven te beklimmen gunt hij zichzelf helaas niet.

Een deel van de ongeveer 50 andere bezoekers deden dat wel en zij konden genieten van een prachtig uitzicht want het was mooi helder weer.

Uiteraard namen ook een aantal Nijemirdummers weer de gelegenheid te baat, maar voor de rest komen ze overal vandaan.

Utrecht, Hindeloopen, Heerde, Maarssen, Zwolle, Anna Paulowna, Blokker, Leiderdorp, Lienden, Reeuwijk, Swifterbant, Heerenveen.

Dank aan de vrijwilligers die zich ook dit jaar weer beschikbaar stelden om ons plaatselijk monument aan het publiek te tonen.

Bestuur dorpsbelang

SNELHEIDSMETING NIJ AMERIKA

Afgelopen periode hebben we een snelheidsmeting gedaan op Nij Amerika. Eén keer in de richting van Balk en één keer in de richting Nijemirdum. De uitkomsten worden inmiddels een beetje voorspelbaar. Best wel vaak te snel met uitschieters die de kwalificatie onverantwoord verdienen.

Meting richting Balk.
Toegestane snelheid 60 km/h.
31,51% te snel.
Snelste 98 km/h.

Metingen richting Nijemirdum.
Toegestane snelheid 60 km/h.
10,87% te snel.
Snelste 84 km/h.

Dat er richting Nijemirdum minder overtredingen zijn en de snelste “slechts” 84 km/h reed heeft
Waarschijnlijk te maken met de plaats van meting.

Dorpsbelang Nijemirdum

SNACKAVOND

Op de laatste vrijdagen van de maand is het Doarpshús vanaf 17.00 uur weer open voor het bestellen en/of afhalen van diverse snacks.

tel. 0514-571 428

Schrijf het maar in je agenda: vrijdag 27 september, vrijdag 25 oktober, vrijdag 29 november.

BINGO

Op zaterdag 26 oktober organiseert de Lokaalvereniging weer een bingo. Dit keer zijn er weer mooie prijzen te winnen. We beginnen om 20.00 en spelen 8 rondes.

Elke ronde maak je 3 keer kans op een mooie prijs. Bij de aankoop van het bingo boekje ontvang je een lootje waarop we aan het einde nog een leuke prijs verloten. De kosten voor deze bingo bedragen € 10,- voor 8 rondes en een lootje voor de extra prijs.

Deze keer is het wel iets anders als anders en dit heeft te maken met dat er geen alcohol in de grote zaal geschonken mag worden tijdens de bingo en in de pauze. Er mag wel fris, koffie en thee in de zaal tijdens de bingo worden gedronken. In de pauze en na afloop van de bingo kun je uiteraard een alcoholische versnapering verkrijgen in het bar gedeelte maar deze dient in de pauze daar genuttigd te worden. Na afloop van de bingo kan dit dan wel weer worden meegenomen naar de grote zaal.

We hopen weer op een grote opkomst, dus net stinne mar der hinne! We maken er weer een leuke avond van!

De Lokaalvereniging



VISWEDSTRIJD 5 OKTOBER

Beste dorpsgenoten!

We hebben geweldig nieuws voor alle visliefhebbers en avonturiers! Op 5 oktober organiseert de feestcommissie een spannende viswedstrijd bij Forelwereld Luttelgeest. Deze keer in een geheel nieuw jasje!



Of je nu een ervaren visser bent of gewoon zin hebt in een leuke dag, dit evenement is voor iedereen! En dankzij een bijdrage van 9,50 euro van de feestcommissie, kun je meedoen voor slechts 15 euro per persoon.

Na afloop hopen we de dag gezellig af te sluiten met een warm Chinees buffet bij het Dorpshuis. Het wordt een dag vol plezier, competitie en lekker eten!

Programma:

13:15 uur: Verzamelen bij Dorpshuis Nijemirdum voor de taxi

14:00 uur: Start van de viswedstrijd

Meld je snel aan via fcn1948@gmail.com of scan de QR-code. Laat deze kans op een fantastische dag niet aan je voorbijgaan!

Tot dan!

De Feestcommissie



WA BIN IK?

Efkes twa moanne sûnder it Doarpsnijs en sûnder de útkomst fan “Wa bin ik?”

Mar no is it dan safier.

Wa is dochs de hillige dy ‘t sa sljocht is op âld Hollânsk snobbersguod ?

De oplossing is nee net “Jan Holt...drop”

mar **Marten Zoethout** en dat sit sa :

Marten is de Fryske oersetting fan de hillige Sint Maarten.

En **zoethout** is âld Hollânsk snobbersguod (in brún houten stokje mei in dropsmaak om op te kôgjen)

De droege woarst is wûn troch Piet Rienstra (lytse) lokwinske !

Dizze hillige is

sljocht op dit

âld Hollânske

snobbersguod.

Dizze droktemakker

hat

literère ynteresses.

Wa mei dit dan wêze ?

Belje jimme oplossing nei : Tel. 571889

Of stjoer in mail nei :

Redaksje.doarpsnijs@gmail.com

Jantsje

BAZAAR

Bazaarcommissie O.N.S. organiseert ten bate van de PKN Oudemirdum-Nijemirdum-Sondel haar jaarlijkse bazaar in dorps huis 't Klif te Oudemirdum op D.V. 12 oktober 2024 vanaf 9.30 uur tot 15.00 uur.

Iedere bezoeker dingt mee naar een prijs d.m.v. een lot.

Draaiend rad met veel mooie prijzen.

Verschillende raadspelletjes.

Actieve doe-spelletjes. Allemaal mooie prijzen.

Eigengemaakte jam. Rabarber in potjes. Stooferen.

Zoetzuur van augurk en courgette. Eigengebakken cake en koek.

Zelfgemaakte yoghurt van de Betonpleats.

Kaarten, handgemaakt.

Verkooftafel met leuke dingen, kleine prijsjes.

Natuurlijk de handgebreide sokken.....ook op nabestelling.

Insectenhotels Houten voorwerpen Vogelhokjes, alles handgemaakt.

Bloemdecoraties, ook al voor de kerst.

Kransen in verschillende soorten en materialen.

Handbeschilderde kabouters.

In de speciale koffiehoek is gelegenheid voor ontmoeting, onder het genot van een aangekleed bakje koffie, thee of fris.

Na afloop trekking van de prijzen.

Kortom volop sfeer.

Dit alles mag u niet missen. Reserveer de datum, plaats en tijd in uw agenda. Een uitje voor jong en oud.

IT 25 STE NIJEMARDUMER VOLLEYBALTOERNOAI... EN IT LESTE?

It wie waarm yn it Doarpshûs doe' t op freedtejûn 19 july de prizen bekend makke waarden fan it jierlikse volleybaltoernoi. Mar earst seach Wiepkje Holtrop, sûnder kraach en mei in moaie, kobaltblauwe sinnebril op de holle, werom op 25 jier volleybaljen yn ús doarp. It âlderlêste fluitsje hie klonken en foar de lêste kear waarden de fjilden opropme en de ballen sammele.

Falt it doek no echt foar dit toernoi dat jong en âld by elkoar bringt en soarget foar it mienskiptsgefoel?

Foardat ik dêr antwurd op jou, blikke wy earst efkes in pear wiken werom.

Dit toernoi begûn op tiisdei 9 july. Op freed 12 july soe de lêste jûn hâlden wurde mar doe reinde it de hiele dei en it fjild wie dêrtroch ûnbespylber wurden. Wy koene net oars as it in wike útstelle.

Spitich, want der wiene doe in soad dielnimmers nei de Swarte Kross, sadat de spilers dy' t der al wiene, alle wedstriden meidwaan moasten om de teams kompleet te meitsjen. Gelokkich hat in oprop op de buertapp ek noch wat jeugdige spilers nei it fjildsje loadst.

Wy blikke noch wat fierder werom; hoe is dit toernoi einliks ûnstien?

Wy binne begûn yn 1999, neidat NOK stoppe wie mei it 'stratenvolleybal'.

Dat gie der altyd fanatyk oan ta en der waard sels fan te foaren oefene, û.o. neist de Herfoarme Tsjerke. De winners fan dat toernoi moasten dêrnei noch stride tsjin de winners fan Aldemardum.

Der is in soad feroare sûnt dy tiid.

Sjogge wy allinnich al nei de gearstalling fan de organisaasje; yn it begjin sieten Wieger Pietersma, Wiepkje Holtrop, Eddy Baukema en Coby Hospes deryn.



Doe' t Eddy de oerstap makke nei Nij - Seelân kaam Freark van der Goot dêrfoar yn it plak. Spitigernôch is Freark net mear ûnder ús en syn plak waard ynnaam troch Bauke Beukens. Klaske Zwart en Marjolijn Snijders ha ek noch yn de organisaasje sitten.

In oantal spilers dy' t der dit jier by wiene en 25 jier lyn ek al op de list stiene, wurde ek noch efkes troch Wiepkje neamd; dat binne: Willem Hospes, Dirk Jan de Kleine, Jaap-Douwe Bokma, Bauke Beukens, Jan Akkerman, Wieger Pietersma, Wilbert Eppinga en Coby Hospes. Ien dêrfan, Dirk Jan, wurdt spesjaal efkes neamd omdat hy de âldste spiler is fan dit toernoai. Hy is op syn 55 ste begûn oan syn volleybalkarriêre en no op syn 80 ste noch altyd 'in shape'. Eartiids wiene de measte spilers bekend mei it volleybaljen en wie 75 % aardich fanatyk en serieus; in kwart die mei foar de geselligheid. Dat is nei 25 jier oarsom. De wille stiet hjoed de dei foarop. En elkenien fanôf 15 jier mei meidwaan.

Wy ha 20 kear op it gersfjildsje fan de famylje Eppinga spile; de lêste 5 jier op it fjild efter it Doarpshûs.

It oantal teams is aardich gelyk bleaun; yn 1999 wiene dat 9 en wy ha 9x mei 10 teams spile. De lêste jierren hiene wy genôch minsken foar 8 teams.

Salang as Bauke yn de organisaasje siet, hiene wy in kostenpost minder omdat hy fergees de briefkes mei de yndieling kopiearde.

Fan NOK ha wy al dy jierren de netten, linen en ballen te lien hân.

Mei it ynlijld, earst 5 gûne, letter €2,50, waarden de prizen bekostige.

De teams krigen altyd bysûndere nammen, sa as fryske blommenammen of sporten, ynsekten, oldtimers, fuotbalklubs, kij-rassen en yn it koroanajier firusnammen. De prizen hiene ek altyd in link mei it tema fan it toernoai. De poedelpriis bestie meastal út in reade bûsdoek oan in stok mei yn de knapsek sipels omdat dat team der niks fan makke en it spyljen om te janken wie.

Dit jier hiene de teams nammen fan **brillen**.



En dan no de útslach:

De **wc brillen** en **sinnebrillen** hiene likefolle punten en waarden 5 de.

Op it 4 de plak stiene de **lêsbrillen**, **roze brillen** en **gekleurde brillen**.

Op nûmer 3: de **titaniumbrillen** mei 12 punten.

De **merkbrillen** waarden twadde, mei 15 punten.



De **winner** fan dit toernoai: de **hippiebrillen** mei 18 punten. André Gersjes, Wilbert Eppinga, Marten Zoethout, Grietje Gijzen en in soad ynfallers, fan herte lokwinske!

En ja, hear. No waard dúdlik wêrom 't Wiepkje sa' n moaie bril op 'e holle hie. Omdat dit de 25 ste kear wie en ús lêste, wie der foar elkenien sa' n moaie kobaltblauwe sinnebril mei dêryn gravearre: 25 jier Nijemardumer volleybaltoernoai.

Wa' t der noch net ien hat, kin ien helje by Wiepkje. Der binne noch in pear oer.

Wy tochten alle fjouwer dat it doek no echt falle soe foar it volleybaljen yn Nijemardum omdat wy noch hieltyd gjin opfolgers fine koene; mar no, in pear wike fierder, ha wy te hearren krigen dat in oantal jonge Nijemardumers it skande fine dat it ophâlde soe. Sy wolle it stokje oernimme.

Prachtich toch! Moaier ôfskiedskado kinne wy net krije.

Hester Hoogland, Albert de Graaf, Froukje Martens en Sander van der Veen, in soad sukses tawinske!

Coby

WHAT'S THE METTA

Op uitnodiging van de redaksje stel ik mezelf graag voor aan de lezers van Doarpsnijs!

Sinds 2019 zijn mijn man Sjoerd en ik, Tanja, heel gelukkig in ons huis aan de Hege Bouwen 4. Samen met onze geliefde hond Marty genieten we iedere dag weer van Nijemirdum en de prachtige bosrijke omgeving.

Naast wonen ben ik vanuit huis als zzp'er ook veel aan het werk. Vanuit een lange loopbaan in marketing en publiciteit werk ik nu met name voor opdrachtgevers in de entertainment branche. Voor bedrijven als The Walt Disney Company en Warner Bros. Discovery houd ik me vooral bezig met marketingcampagnes en evenementen voor nieuwe bioscoopfilms. Dat ik vaak voor Amerikaanse bedrijven werk is geen toeval. Mijn ouders zijn vanuit Nederland geëmigreerd naar de Verenigde Staten. Ik ben daar geboren, heb er mijn jeugd doorgebracht en later ook gestudeerd. Nederlands leerde ik toen in Nederland kwam wonen vlak voor de middelbare school. Zo heb ik op veel verschillende plekken gewoond en gewerkt in zowel de V.S. als Nederland.

Waar ik ook veel voldoening uit haal is mijn werk als gecertificeerd mindfulness trainer en coach, dit doe ik onder de naam 'What's the Metta'. Vanaf dit najaar bied ik de mindfulness cursus (MBSR) aan in een sfeervolle ruimte in Balk (Loods 17, aan de achterkant Van Swinderenstraat 17). In de 8-weekse cursus richten we je, in een kleine groep van 4 tot 8 personen, op praktische oefeningen en theorie met extra materialen voor thuisgebruik. Misschien ben je al bekend met de term mindfulness? Mindfulness betekent opmerkzaamheid. In de cursus oefen je om met meer opmerkzaamheid aanwezig te zijn bij alles wat in en om je heen gebeurt, zonder meteen te oordelen of in te grijpen. Je wordt hierdoor bewuster van andere keuzes en mogelijkheden in het omgaan met bijvoorbeeld: mensen, stress, je eigen grenzen en (negatieve) patronen. Het helpt om met meer rust, balans en tevredenheid door het leven te gaan.

Wil je ontdekken of de cursus iets voor jou is? Je kunt me altijd hierover aanspreken of bellen, neem een kijkje op mijn website voor mijn contact gegevens, meer informatie en start data van de cursus. www.whatsthemetta.nl

Tanja Adriani



KleurplaatKampioen.be

WINKELJE IS GOEDKEAPER AS THERAPY



Mei tank oan de folgjende minsken/bedriuwen kin Doarpsnijs elke moanne útbrocht wurde:

Tanja Adriani	What's the Metta mindfulness en coaching
Harmen en Lieske Bangma	Camping De Groninger
Albert en Jeannet Bekedam	Vakantiewoningen en groepsaccommodatie
Bauke en Hedwig Beukens	Garant Zaden
Bed & Breakfast Lyklamastate	Kamers en appartementen
Kim van den Brom	Total Support For Marine
Jan Buma	Buma Handel
Ortwin Dellevoet	Lopifit Gaasterland
Johan A. Dijkstra	Dierenarts
Jelle Eppinga	Boomkwekerij
Runia Fourage BV	Veevoerders
Ede Groenhof	Transportbedrijf/verhuizingen
Halbe Hielkema	Bouw- en onderhoudsbedrijf
Atze Hoekstra	Douwe Hoekstra kraanverhuur en transport
Tryntsje de Jong-Rienstra	Kapsalon Tryntsje
Mieke Koot	Generatiethuis
Koen Maronier	Yacht Power BV
Cees en Johannes v.d. Meer	Van der Meer Mechanisatie
Gebroeders Postma	BHP Funderingstechniek
Hendrik Postma	Motorenrevisie/reparatie
Marijke Postma	Kniphúske kapsalon en nagelstudio
Jan-Dirk van der Tol	Feedtuber B.V.
Runia Transport Nijemirdum	Transportbedrijf
Ruerd Vellinga	Vellinga werkschoenen en -kleding
Annoesjka de Vries	Pedicure
De Vries	Slagerij, Oudemirdum
Ilse Wezepoel	Snuffelplezier
Rianne Witteveen	Dsign & printmkr

De famylje Kramer soarget derfoar dat it krantsje elke lêste tongersdei fan 'e moanne by de minsken thús komt.

DUOFYTS RESERVEARJE:

Dat kinne jo melde by Wiepkje Holtrop 06-10547123



INZAMELINGSPUNTEN:

Wat:

Plastic doppen van flessen,
tubes, potten en bussen

Waar:

Fam. Strampel,
Heaburgen 1

t.b.v.:

KNGF

blindegeleide-honden.

Inkt-cartridges, toners en
oude mobieltjes

Fam. Hoekstra,
Hoitebuorren 18a


Stichting

Kinderhulp Oeganda

Metalen/blikjes/doppen/
deksels/spuitbussen

Fam. Rienstra,
Omrin 14

STOPhersentumoren.nl



AGINDA

27 septimber	snackjûn doarpshûs
28 septimber	playbackshow
5 oktober	fiskwedstriid
12 oktober	bazaar PKN ONS yn "it Klif" Aldemardum 9.30-15.00
24 oktober	kledingactie volleybal NOK
25 oktober	snackjûn doarpshûs
26 oktober	bingo yn it doarpshûs om 20.00 oere
29 novimber	snackjûn doarpshûs

IT FOLGJENDE KRANTSJE ferskynt op tongersdei 31 oktober

KOPIJ YNLEVERJE foar moandei 21 oktober

by ien fan de redaksjeleden

in e-mail stjoere kin ek: redaksje.doarpsnijs@gmail.com